

FRYSKE AKADEMY

ARCHEOLOGYSK WURKFERBAN

Achte leden,

It bestjoer nûget jo út foar in ledegearkomste op tongersdei 16-05-2024, de jûns om 19.45 oere yn seal Sânwâlden yn it gebou fan de Fryske Akademy, Doelestrjitte 8, 8911 DX Ljouwert.

Tink derom dat der yn Ljouwert oant 22.00 oere betelle wurde moat foar it parkearen!

WURKLIST

1. Iepenjen;
2. Ynkommen stikken en meidielingen;
3. Ferlach fan de lêsthâlden ledegearkomste op 06-02-2024;
4. Ynlieding fan Anne ten Brink.
Titel fan de lêzing: 'Op zoek naar Neanderthalers, een passie!' De lêzing giet oer eigen fynsten, ek is der omtinken foar de manier fan libjen yn dy perioade.
5. Skoft en determinaasje fan meibrochte fynsten;
6. Ferfolch/neibesprek fan de ynlieding;
7. Wiziging gearstalling bestjoer.:
Sûnt 1994 hat Gelkje Schotanus diel útmakke fan it bestjoer, de lêste 16 jier as foarsitter. Gelkje hat oanjûn dat se der no graach mei ophâlde wol, fandêr dat wy op dizze gearkomste ôfskied fan har nimme sille.
Sible de Roos is ree fûn om de foarsittershammer oer te nimmen, Gilbert Hofstra hjitte wy wolkom as nij bestjoerslid.
8. Omfreegjen;
9. Sluting.

Koos Tiemersma
Skriuwer AWF
jtiemersma@hetnet.nl

Taheakke:

Ferlach lêsthâlden ledegearkomste fan 6 febrewaris 2024